

2008: In produktyf keatsboekejier

Yn 2008 binne - jubileumútjeften net meirekkene - mar leafst fjouwer keatsboeken ferskynd. Safolle yn ien jier is noch net earder fertoand. It giet om:

Jan Durks van der Mei. Keningen fan no en eartiids.

Diel I. Friese Pers Boekerij;

Baukje Wytsma en oaren. Wachtsje-PC. Eigen behear (Douwe Huitema);

Rynk Bosma. De vier Van Wierens. Kaatsen in Friesland 1960-1990. Friese Pers Boekerij;

Jelle Bangma. In keatser fan formaat. Chris

Wassenaar. De grutte fan Minnertsgea. Friese Pers Boekerij.

Fierder soe ek noch te neamen wêze:

Jelle Bangma. Simon Minnesma, in selfmade keatser. Eigen behear. It boek is skreaun op fersyk fan de ferline jier ophâlden Simon Minnesma, dy't it as relaasjegeskink brûkt. Yn pleats fan hjirre besprekken fan dy boeken te jaan - dy't as mostert nei it miel komme soenen - hawwe wy koart mei de skriuwers oer har boeken praat. Konkreet giet it om Abe de Vries, direkteur-útjouwer (Friese Pers Boekerij/Noordboek) en dichter, Baukje Wytsma (dichteres), Ernst Bruinsma (kultuer- en letterkundige), Douwe Huitema (foarmjouwer), Rynk Bosma, sjoernalist en Jelle Bangma (skriuwer en ûnderwiiskundige). Al-

legearre hawwe se in dúdlike bân mei it keatsen: se binne der mei opgroeid, hawwe it spul sels beoefene, it hat har niget, se hawwe der earder oer skreaun of publikaasjes oer it spul útjûn. In ek koart ferslach fan in libben petear.



Ek de details - hjirre de knop fan in telegraaf - binne op de PC fersoarge (út Wachtsje – PC (pp. 24-35). Foto: Rudmer van Hulzen.)

Wat hat jimme oanset om krekt dit boek út te jaan?

Abe de Vries 'moat' as útjouwer fansels safolle mooglik boeken útjaan. Mar hy hat foar Jan van der Mei (1887-1957) syn beskriuwingen fan al lang ferstoarne keatsers (it giet globaal om de perioade 1890-1940) dêrneist ynhâldlike arguminten: 'De wearde fan it boek leit ek yn de hertstocht, de belutsenens en de taalmacht dêr't it mei skreaun is.' Ek de oare skriuwers lizze in relaasje mei har ûnderwerp. Sa hat Rynk Bosma net allinnich in fassinaasje foar de keatsende bruorren Robert, Jos, Klaas en Wyb van Wieren, de perioade dêr't se yn keatsten (1960-1990) wienen ek de jierren dêr't er sels it keatsen mei alles deromhinne

fûl en yntinsyf belibbe hat. Jelle Bangma fynt dat in grut keatser as Chris Wassenaar sûnder mear in boek fertsjinnet (dat oer Hotze, dêr't er ek oan meiwurke hat, hie neffens Bangma al folle earder as yn 2006 ferskine moatten). De redaksje fan *Wachtsje-PC* (Ernst Bruinsma, Baukje Wytsma en Douwe Huitema) wol in rige boekjes oer Fryslân en de Fryske kultuer útjaan, wêrby't se net bûn is oan tiid en jild. Nocht oan it ûnderwerp en eigen wille steane foarop. Sjoen de biningen fan de redaksjeleden mei it keatsen is it net frjemd dat *Wachtsje-PC* de earste publikaasje yn de rige wurden is.

Hoe soe it kinne dat der yn 2008 mar leafst fjouwer (fiif) proazaboeken oer it keatsen ferskynd binne?

Fan âlds kaam ommers meast koart (dicht)wurk oer it spul út. En in algemiener fraach: hoe is it te ferklearjen dat it keatsen in hieltiten grutter plak yn de Fryske kultuer ynnimt? Foar de keunst falt dêrby foaral noch te tinken oan byldzjende keunsten, dêrbûten oan bygelyks de media en de wittenskip.

Douwe Huitema konstatareart hiel nochteren: 'Der is op elk gebiet in geweldige taname fan publikaasjes' en Abe de Vries slút him dêrby oan: 'Der ferskine keatsboeken omdat ik dat as útjouwer wol.'

Ek Baukje Wytsma wiist op de kommersjele kant fan de saak. Al fierder pratend komme lykwols ek noch oare motiven nei foaren. Yn op ien nei steane yn alle boeken keatsers en har (grutte) prestaasjes sintraal.

Dêr sitte neffens Jelle Bangma 'prachtige ferhalen oan fêst, dy't net ferlern gean meie.' Ernst Bruinsma: 'Der is in groeiend ferlet fan helden, yn en bûten de sport. Dat ferklearret ek mei wêrom't it biografysk sjenre de lêste jierren sa'n bloei trochmakket.'

Noch wer in oare ynfalshoeke komt oan de oarder as Abe de Vries opmerkt dat it keatsen in sport is dy't troch mondialisearring en yndividualisearring ûnder druk komt te stean. 'Minsken hawwe ferlet fan wat eigens, fan iikpunten', sa heakket Ernst Bruinsma dêroan ta en ek Douwe Huitema wiist op de 'fêsticheid' dy't it keatsen jin jout, de PC mei syn tradysjes en rituelen foarop. Jelle Bangma kin him dêr wol yn fine: de globalisearring ropt tagelyk ek in syktocht nei de eigen roots' op. En foar him spilet 'it grutsk wêzen op it eigene' mei. Dat lêste mei dan wier wêze foar

Jelle Bangma, neffens Rynk Bosma jildt it net yn algemiene sin. Hy stelt dat it keatsen 'allinnich noch mar op 'e doarpen libbet, it hat gjin status mear. Miskien is dat foar in hantsjefol minsken lykas ús de reden om der oandacht oan te jaan.'

Baukje Wytsma siket it antwurd fia it algemiene hiel ticht by harsels: 'It keatsen is o sa nau mei Fryslân ferbûn. It sit yn it kollektive ûnthâld fan de minsken. It is ek faak in ferbinende emoasje mei de âlden, de famylje. Sa diene se dat en dêr wie men ûnderdiel fan. Keatsen is in part fan it libben sels.'

Keatsen is yn koarte tiid ek in frouljussport wurden.

Hoe soe it dan dochs komme dat froulju noch mar sa'n bytsje oer it keatsen skriuwe? Komt dy ynhel-slach noch?

Yn earste opslach konstatareje de oanwêzigen dat keatsen foaral in mannesaak is en dat der dêrom gjin froulju wêze sille dy't har yn dat wrâldsje bejaan wolle. Op myn reaksje dat skriuwsters fan earder tiid, bygelyks Nynke fan Hichtum (mei *De jonge priis-keatser* (1939) en fan ús tiid, lykas Janneke Spoelstra en Baukje Wytsma sels, sjen litten ha dat froulju wól oer it keatsen skriuwe kinne, komt útjouwer Abe de Vries mei in nijsje. Hy wol in boek skriuwe litte oer it frouljuskeatsen, leafst troch in skriuwster. It sil, neist in histoaryske beskriuwing fan it frouljuskeatsen, portretten jaan fan de top-10. Ek de profesjonalisearring moat oan de oarder komme. It doel is om in 'sjoernalistykeftich' boek te meitsjen. Sa'n boek is der noch

net en dêrmei komme wy by de lêste fraach.

Is der ferlet fan noch oare keatsboeken en hawwe jimme sels ek plannen?

Douwe Huitema hat sels gjin plannen, mar hy wol as keatsleafhawwer en foarmjouwer graach goede en moaie keatsboeken útjaan. Rynk Bosma is pakt troch Taede Zylstra, as keatser en as minske, mei al syn tragyk. Dat bringt my op de fraach oft der net ferlet is fan in 'echte' keatsroman, bygelyks oer in keatser dy't oars neat as keatsen yn 'e holle hat, famylje, freonen en kunde suver as in lêst sjocht, dwars troch alles hinne winne wol, net ophâlde kin. Soks freget neffens Ernst Bruinsma alderearst in goede romanskriuwer, dy't dan it keatsen as ûnderwerp nimt. Dy kombinaasje komt neffens him net folle foar. Miskien soe Hylke Speerstra it kinne of Durk van der Ploeg. Abe de Vries, ta beslút, soe ek graach in boek útjaan wolle wêryn't it plak fan it keatsen op 'e doarpen dúdlik nei foaren komt: 'dy binne, mei al har frijwilligers, de dragers fan it spul.'

Mei de konstataarring dat de foto fan Chris yn it Minnertsgeaster shirt dan hiel goed útsocht is as omslachyllustraasje foar it boek oer him, slute wy it petear ôf. It sil dúdlik wêze dat der ek de kommende jierren noch oare keatsboeken as jubileumútjeften ferskine sille. De keatsliteratuer is op wei om folwoeksen te wurden.

Pieter Breuker